

Fryske tsjinst

op snein 14 septimber 2025

yn de tsjerke fan Westergeast



Tema: 'Sykje en fûn wurde'

Foargonger: ds. Lieuwkje Cnossen

Oargelist: dhr. Harmen Jonker

Oargelspyljen

Tarieding

Oargelspyljen

Wolkom en meidielings

Momint fan stilte

Sjonge: Kearseliet 277

Jo dy't foar it ljocht ús makke ha dat wy libje,
sprek ljocht, wês hjir oanwêzich yn jo namme:
Ik sil der wêze.

Elkenien giet stean

Intochtsliet: Liet 100: 1, 2 en 3

1. Kom, ierde, sjong foar God de Hear!
Doch wat Hy wol en hâld dy klear
om, bliid yn Him dy't oer dy giet,
syn lof te sjongen yn dyn liet.
2. De Hear is God. Hy naam ús oan.
Hy hat ús makk' en yn 'e moarn
ropt Hy syn keppel leafdefol
nei 't fjild dêr 't Hy har weidzje wol.
3. O sjong in liet mei mûle_en hert.
Gods poarte binne_al iepenset:
rop dan Gods namme foar syn troan
mei lof en tank yn earbied oan.

Bemoediging

F: Us Helper is de Heare,

A: dy't himel en ierde makke hat,

F: dy't trou hâldt oan 't yn ivichheid.

A: en net los lit wat syn hân begûn.

Drompelgebed (hjirnei giet elkenien sitten)

Tema fan de tsjinst

Sjonge: Liet 287: 1 en 2

1. By it ljocht dat libben is
groetsje wy inoar mei frede.
Wa't dat ljocht te mjitte giet,
komt en dielt yn syn genede.
By de Hear binn' wy te plak,
ûnderdak.
2. By it boek fan syn ferbûn
neame wy inoar by namme,
libbenswurden binne_ús jûn
en wy sizze: ja en amen –
wa't fan leafde_en libben lêst
fynt hjir rêst

Kyriegebed , ôfwiksele mei:

F: Dêrom roppe wy mei-inoar:

A: Hear, ûntfermje Jo.

Glorialiet: Liet 304

1. Sjong fan de Heit, Hy dy't yn 't grut begjinnen
de minsken skoep, de bisten en de dingen,
himel en ierde, wol Him hulde bringen:
hâld Him yn eare!
2. Sjong fan de Soan, it ljocht dat ús skewielet,
boarne fan lok foar wa't syn wurd besielet,
gean ôf op Him, de stjer dy't oer ús strielet:
hâld Him yn eare!
3. Sjong fan de Geast, de azem fan it goede,
duorsume krêft dy't ús sa lang al noede.
Wêr't wy ek gean, wy binne yn syn hoede:
hâld Him yn eare!

Tsjinst fan it wurd

De groet

F: De Hear mei by jim wêze,

A: en ek by jo.

Gebed fan de snein

Earste lêzing út de bibel: Exodus 32: 7-14

Sjonge: Liet 834

1. Wol my fernije, ivich ljocht,
jo antlit haw ik altyd socht,
jou dat ik yn jo mienskip diel,
werskep my, God, nei lea en siel.
2. Skep, God, in nije geast yn my,
in geast fan ljocht, fan sûnde frij,
dan sil 'k jo wurd en wil ferstean
en fleurich op Jo wegen gean.
3. Wês jo de sinne_yn myn bestean,
dan kin ik feilich fierder gean,
oant anst de dei komt, ivich ljocht,
dat ik jo hearlik antlit sjoch.

Twadde lêzing út de bibel: Lukas 15: 1-10

Sjonge: Liet 221: 1 en 2

1. Sa freonlik en sa feilich as it ljocht,
in mantel om my hinne alle dagen,
sa is myn God, ik haw Him altyd socht,
ik rop Him oan, bestoarmje Him mei fragen:
Jo ha my makke, gean dan mei my troch,
wol my behoedzje en op hannen drage.
2. Want wêr bedarre_ik, as ik Jo ferlear?
Myn sykjen en myn swalkjen kaam gjin ein oan.
Wêr soe ik bliuwe_as Jo net elke kear
as ik wer foel, der wiene_om my te heinen?
Bliuw by my of ik bin gjin minske mear.
Yn lok en leed sil 'k útsjen nei jo seine.

Oertinking

Oargelspyljen

Sjonge: Liet 837: 1, 3 en 4

1. Master, de minsken, jong en âld,
komme ut stegen en strjitten.
Sjoch, dy't Jo sykje_oer hiel de wrâld,
geane Jo skruten te mjitte.
Al ken men faak jo wegen net,
Jo sille_ús fine, ier of let,
as wy it paad net mear witte.
3. Binne wy eigen wegen gien,
hat ús de leechte beneare,
ha wy jo skepping hast ferdien,
wol noait jo wei ús ûntkeare.
Twivel of heechmoed, ûnferstan –
krij ús, jo minsken, by de hân.
Dat wy jo pracht sjogge, Heare.
4. Kening, jo ryk is sa tichtby –
lit my it sjen en werkenne!
Unrêstich is it hert yn my,
mar ienris wurdt it nij berne.
Jo leafde siket elkenien.
Fyn, hoeder, my, al sykjend gien,
dan mei 'k ta Jo my bewenne.

Tsjinst fan it antwurd

Ynsameling fan de jeften foar: 1 Jonge Generaasje, 2 Pastoraat en tsjerkebehear

Gedachtenis

Sjonge: Liet 268

- | | |
|--|---|
| 1. Wol, o hoeder, om ús tinke
yn dizze nacht,
As wy yn 'e sliep fersinke
yn dizze nacht.
Wol yn 't tsjuster by ús wêze,
hâld ús yn Jo leafde fêst en
lit ús oan 'e moarn ta rêste
yn dizze nacht. | 2. Lit ús, hoeder, noait allinne
by nacht en dei,
Wês mei ingels om ús hinne
by nacht en dei.
Lit elk dy't hjir net mear binne
lykas wy jo frede kenne.
Lis jo earmen om ús hinne
by nacht en dei. |
|--|---|

Tsiinst fan it antwurd

Oanstekken fan de kears foar Oekraïne, Gaza en Israël

Tanksizzing en foarbeaën, nei eltse yntinsje:

F: Sa bidde wy mei-inoar:

A: **Hear, hear ús bidden.**

Stil gebed en sjonge 'God fan fier en hein ús Heit'



2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.
3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.
4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.
5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Slotliet: Liet 423



1 No't wy wer fuort-gean freegje wy God:
gean mei jo ljocht foar ús út!
No't wy wer fuort-gean winskje ik dy:
Gean mei God!
Vaya con Dios en à Dieu!

2. Foar al ús leafsten freegje wy God:
gean mei jo ljocht foar ús út!
En al ús freonen winskje wy frede:
Gean mei God!
Vaya con Dios en à Dieu!

3. Foar alle minsken, ek ûnderweis:
frede en goeds yn elk hûs!
Foar har dy't kamen ûnder dit dak:
Gean mei God!
Vaya con Dios en à Dieu!

Seine, mei 'Amen, amen, amen'

